

Selsportret op Italjaansk boek!

len foto fan Mirjan van der Meer (21) út Akkrum is wrâldferneamd. Dy stiet nammentlik op it omslach fan 'La solitudine dei numeri primi', de debútroman fan de Italjaanske skriuwer Paolo Giordano, dêr't al mear as in miljoen fan ferkocht binne. It boek is yn 30 lannen ferताald en stiet hjir no as 'De eenzaamheid van de priemgetallen' yn 'e top tsien fan ferkochte boeken.

TEKST: INGEBORG HOOGSTEEN
FOTOGRAFY: JOUWERT HONDERD


Mirjan begûn trije jier lyn mei fotografearjen nei't se fan har âlden in fototastel op 'e jierdei krigen hie. 'Mei myn nije, kompakte kamera sette

ik mysels yn ferskate settings op 'e foto en pielde wat om. Ik hie der lol yn.'

Mirjan sette de foto's ûnder har profylnamme Rooze op it ynternet. 'Ik wol myn foto's graach mei elkenien diele, mar set myn persoanlike gegevens der net by. Ik jou my troch myn foto's al genôch bleat. Ek myn e-mailadres stiet der net op. Dêrtroch koe dy Italjaanske útjouwerij my ek net freegje oft se myn foto brûke mochten.'

Mirjan hearde fan minsken dat har foto op it omslach fan in Italjaansk boek stie. 'Dêr wist ik neat fan; soks ferwachtest ek net. Letter haw ik de skriuwer moete en hy fertelde dat myn foto him bot oanspruts. Dat fyn ik in grut komplimint. Ik ha syn boek lêzen en fûn it hiel fassinearjend. It giet oer in jonge en in famke dy't beiden in jeugdtrauma hawwe en graach byinoar wêze wolle, mar dêr komt hieltyd wat tusken. It ferhaal wurdt op it stuit ferfilme en yn Nederlân meitsje se der in teaterfoarstelling fan.'

'Foar it brûken fan myn foto haw ik letter wol in fergoeding krigen mar dat kin my eins neat skele. Jild is moai,



mar ik fyn it net belangryk. Myn foto's binne momintopnamen dy't ik diele wol. Soms hear ik fan minsken dat se der in bepaald gefoel by hawwe en oft dat itselde is dat ik doe hie, fyn ik dat hiel leuk. Ik praat yn byldtaal. Myn foto's sizze eins alles.'

It selsportret dat op it boek terjochte kaam, makke Mirjan twa jier lyn mei har twadde, mear profesjonele, kamera. Se makke de foto moarns betiid by de pleats yn Akkrum dêr't se mei har âlders en trije bruorren wennet. 'It is in close-up en sjochst eins net dat ik it bin. Doe't it boek yn ús lân presintearre waard, siet ik yn 'e seal mar minsken herkennen my net. Dat hoecht ek net fan my. Ik bliuw leaver sa't ik bin.' Al har foto's makket se

graach betiid. 'Dan hast it moaiste ljocht, is it rêstich en der hinget in moai sfearke. Myn styl omskriuw ik sels as ien mei in protte natuer, frij, romantysk, lanlik, rêst en ljocht. It is werkenber mar ik stean der net by stil.'

Wilens binne meardere foto's fan Mirjan brûkt foar Italjaanske en Nederlânske boeken dy't no yn 'e boekhannel lizze of noch komme. 'Der is ek in eksposysje yn Frankryk fan myn foto's. Der bart in soad mar ik fotografearje om't ik it leuk fyn: it is in hobby. Wa wit wat der letter noch fan komt, mar ik wol it frij hâlde en net dwaan om't it moat. Ik sit no yn it twadde jier fan 'e stúdzje Autonome Byldzjende Keunst op 'e keunstakademy Minerva yn Grins. Dêr hâld ik my foaral dwaande mei tekeningen en filmkes. Nije mooglikheden dy't ik moai kombinearje kin mei myn foto's.'

Websiden:

www.rooze.deviantart.com en
www.flickr.com/photos/rooze/